

Ljouwert, 28 oktober 2020

Oan: Leden fan Provinsjale Steaten
Kolleezje fan Deputearre Steaten

Underwerp: Simmerskoallen

Eala,

De Ried fan de Fryske Beweging fynt dat der wat dien wurde moat oan in better brûken fan it Frysk. De Ried tinkt wat dat oanbelanget yn it foarste plak oan de bern. Dêr wat oan dwaan, dêr is it no de tiid foar. Deputearre Poepjes wie posityf oer de lêste Taalatlas. Se fynt dat it mei it Frysk better giet as ferwachte. As we dy reaksje foar earnest nimme, witte we lykwols ek dat it mei de kwaliteit fan dat Frysk wolris net oerhâlde kin.

As we it oer de kwaliteit ha, dan ha we it ek oer ûnderwiis. Goed ûnderwiis yn it Frysk wurdt hurd oan wurke, mar it duorret noch oan 2030 ta foar't we dêr de resultaten fan ferwachtsje kinne. Op dit stuit moatte we fêststelle dat guon bern wat it Frysk op skoalle oanbelanget net krije wêr't se rjocht op hawwe. Dêr wolle wy graach wat oan dwaan.

Wy ha krityk op it feit dat it allegearre sa lang duorret en dat guon bern yn dy tiid net krije wêr't se rjocht op hawwe. Dêr wolle we lykwols net yn hingjen bliuwe. Yn in riedsgearkomste ha we dit ûnderwerp yn diskusje hân om te besjen oft it dochs net mooglik is om earder wat te dwaan oan de efterstannen by dit skoalfak. Guon opmerkingen makken dat yn dy diskusje in soarte fan idee ûntstie. De diskusje gearfette yn trije punten:

- It Frysk hat suver in tradysje as it giet om ûnderwiis bûten de skoallen en bûten de skoaltiden om. Neamd wurde de Fryske lessen foar en nei skoaltiid, Folk- en Gealeargongen, de Willewiken op Skylge*, Fryske kursussen, dêr't Provinsje en gemeenten gauris op ferskillende wizen jild foaroer (hân) hawwe.
- Hieltyd faker wurde troch gemeenten/skoalbestjoeren simmerskoallen organisearre mei it doel om efterstannen yn guon fakken yn te rinnen. It giet dan benammen om rekkenjen en taal. Dy fakken wurde dan yn guon wiken yn de simmerfakânsje op boartlike wize oanbean. It hat der alles fan dat sokke simmerskoallen hieltyd mear en hieltyd faker organisearre wurde. It koroanafirus hat dêr grif ek ynfloed op.

- De troch de Provinsje subsidiearre Skriuwwiken en letter de Willewiken fan de Stichting Tsjille en Wille op de Folkshegeskoalle Schylgeralân op Skylge binne eins foarbylden fan sa'n simmerskoalle foar it Frysk. It kin mei ien sa'n simmerskoalle foar it Frysk net ta. Dêr komt by dat dy iene simmerskoalle net maklik te berikken is en dat der aardich foar betelle wurde moat*. It is in moai konsept en dêr soene we ús foardiel mei dwaan kinne.

Dy diskusje makke dat it idee ûntstie om op dy wize wat te dwaan oan de efterstannen oangeande it Frysk. Dêrom wolle wy oantrúnje op simmerskoallen foar it Frysk.

De ynfrastuktuer foar simmerskoallen is der al yn Fryslân. Wy wolle jimme as Provinsje oproppe om de mooglikheden foar sa'n simmerskoalle Frysk te stimulearjen. Dat soe bygelyks kinne troch budzjet beskikber te stellen foar de kommende jierren.

It liket ús logysk om yn de begrutting foar 2021 jild beskikber te stellen foar de besteande simmerskoallen yn Snits en Ljouwert en nije inisjativen yn oare gemeenten, spesifyk foar it byspikerjen fan it Frysk. Dat kin streekrjocht of fia in subsydzjeregeling. Sa kinne jo yn 'e mande mei de gemeenten, de skoalbestjoeren, de Afûk en de stichting Tsjille en Wille fan de Willewiken (lokaasje Folkshegeskoalle Schylgeralân) soargje, dat yn de simmer fan 2021 al úteinset wurde kin.

Wy tinke oan:

- simmerskoallen yn alle haadplakken fan alle Fryske gemeenten,
- simmerskoallen dy't leechdromplich en dus fergees binne,
- simmerskoallen dy't ornearre binne foar bern fan groep 7 en 8,
- simmerskoallen dy't oan 2030 ta holden wurde.

Dat soe wat wêze! Sa hâlde we de positive gefoelens fêst, ferbetterje we de kwaliteit fan it Frysk en meitsje we yn 2030 in goede trochstart mooglik.

Wy geane oer dit útstel graach yn petear mei jimme.

Heechachtsjend,

út namme fan de Ried,

foarsitter,
Pier Bergsma

skriuwer,
Nynke Beetstra

- * De WilleWike is yn 2000 begûn as Skriuwwike, in inisjatyf fan âlden dy't fûnen dat yn it ûnderwiis net genôch omtinken wie foar de Fryske taal en kultuer. Dat inisjatyf wurdt subsidiearre troch de Provinsje. Fan 2000 ôf hat der op 2006 nei elk jier sa'n wike west. Yn 2006 wiene der misferstannen wêrtroch't de subsydzje net oanfrege wie. Yn 2007 koe de Skriuwwike wer holden wurde. Yn 2008 is de namme wizige yn WilleWike en is de stifting Tsjille en Wille oprjochte dy't derfoar soargje moast dat it dúdlik wie wa't de WilleWike organisearje en is der besletten om ek in wike foar it fuortset ûnderwiis te hâlden. Fan dat momint ôf hawwe praktysk elk jier sa'n 30 bern nei Skylge ta west. De kosten binne: € 140,- (basisûnderwiis) of € 155,- (fuortset ûnderwiis).
Webside: www.willewike.nl.